2022-100443

MOASJE

Art. 49 RfO

Moasje nei oanlieding fan agendapunt nû. 10 yn de riedsgearkomste fan 7 july 2022

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op 7 juli 2022

Underwerp: **Tydlike wenningbou**

De ried,

heard it beried,

oerwaagjend dat:
- der yn Noardeast-Fryslân, lykas yn hiel Nederlân, sprake is fan in tekoart oan betelbere wenningen, foar ûnder oare jongeren, allinnichsteanden, statushâlders en âlderen;
- de realisaasje fan betelbere tydlike wenningen de druk op 'e lokale wenningmerk ferljochtsje kin;
- yn oare gemeenten tydlike wenningen delset wurde foar in perioade fan maksimaal 15 jier;
- de ried de Woonvisie 2020-2025 fêststeld hat;
- de fêststelde Wenfyzje 2020 -2025 him allinne mar rjochtet op tydlike wenten mei soarch binnen hânberik;

mear oerwaagjend dat:
- Noardeast-Fryslân alle helbere mooglikheden ûndersykje moat om de druk op de lokale wenningmerk te ferlichtsjen;
- tydlike (duorsume) wenten, lykas Tiny Houses, kontenerwenten, demontabele wenten en miskien oare foarmen, dêr in bydrage oan leverje kinne;
- der mooglik ien of mear lokaasjes geskikt binne foar tydlike wenningbou;
- wannear ‘t permaninte wenningbou op in lokaasje mooglik is, dit foar tydlike wenningbou giet;

fersiket it kolleezje:
1. te ûndersykjen oft op ien of meardere lokaasjes tydlike wenningen realisearre wurde kinne;
2. dit ûndersyk mienskiplik mei direkt belutsenen, lykas doarpsbelangen, út te fieren;
3. studinten fan hegeskoallen en/of universiteiten te belûken by oplossings foar passende tydlike wenfoarsjenningen;
4. de gemeenteried uterlik 1 novimber 2022 in foarstel te dwaan foar dy lokaasje(s),

en giet oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinne troch: H. Jouta (FNP), S!N, GBNF

Stimming	Foar: FNP, S!N, GBNF, CU, PvdA (22)	Tsjin: CDA, BVNL, VVD (7)
Moasje oannnaam		

Sa besletten troch de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn syn iepenbiere gearkomste fan 7 july 2022.

De ried niisneamd,
de griffier,

Signed By: Dijkstra, Sytze <s.dijkstra@noardeast-fryslan.nl>
11/07/2022 11:34:23 CEST
ID: 8151756e-516a-442e-98aa-65a5e0cbcd03
Auth: Scribble

mr. S.K. Dijkstra

de foarsitter,

Signed By: Kramer, Johannes <j.kramer@noardeast-fryslan.nl>
11/07/2022 11:36:49 CEST
ID: 8151756e-516a-442e-98aa-65a5e0cbcd03
Auth: Scribble

mr. J.G. Kramer